

## BESPRIEK

*Teake Hoekema, Kurze Formenlehre des westerlauwersk Frysk. Nordfriesische Wörterbuchstelle der CAU Kiel (1992).*

Ien fan 'e minst achtsleine produkten út 'e Fryske grammatikale tradysje is sûnder mis dizze foarmleare fan Hoekema. Dat dit wurk in jiskepûsterrolle beskern wêze soe, lei fansels wol wat yn 'e reden, weistoppe as it wie yn in wurdboek, en skreaun yn it Deensk, in taal dy't lang eltsenien net eigen wêze sil. De Kieler studint Claas Riecken hat der mei syn Dútske oersetting foar soarge, dat Hoekema syn pinnefrucht wer ûnder it stof weihelle is en syn plak ynnimme kin yn 'e parade fan Fryske grammatika's. En dat is frijwat in eigen plak, sa't ik besykje sil om sjen te litten.

It orizjineel is in 33 siden lange taheakke by it fan V. Tams Jørgensen en Teake Hoekema gearstalde *Frisisk-Dansk Ordbog*, yn 1968 yn Grins ferskynd by Wolters-Noordhoff. Dat oan in wurdboek krekt in foarmleare tafoege wurdt is fansels net sa raar, omdat yn in taal as it Frysk de wurden no ienris net altyd itselde jaske oan hawwe as yn it wurdboeklemma. Mear as in foarmleare jout de grammatikale taheakke nammers ek net: fonology, syntaksis en wurdfoarming wurdt gjin omtinken oan jûn. Dizze oersetting wurdt tagelyk oankundige as in "überarbeitete Fassung". De stavering is oanpast oan dy fan 1980, útsein dy fan 'e wurden *sawnd* en *sawnrësom*, en yndied binne der hjir en dêr feroarings neffens de tekst fan 1968. Grif omdat de brûker no gjin wurdboek der mear neist hat, is it Frysk yn it boekje oerset. Ik freegje my dêrby al ôf oft it net handiger west hie at dy oersettings net fuortendaliks efter de Fryske foarbylden set wurden wiene. No moat de brûker hyltyd nei de lêste siden fan it boekje ta. In efterútging is yn alle gefallen dat yn 'e Dútske oersetting it wurd dêr't it om giet typografysk der net mear útkipet. Wat fierders opfalt, is, dat Riecken hielendal net dúdlik makket wêrom oft no krekt dizze "grammatika" it meast yn 'e beneaming kaam om oerset te wurden. De yndruk wurdt no oan it Dútske publyk jûn as soe dit it alderbêste wêze dat der op dit mêd foarhannen is, en dat liket my in bytsje oerdreaun ta. Boppedat ûntbrekke der literaturoanwizings ta fierdere stúdzje.

Neffens tradysje is ek dizze foarmleare yndield nei wurdsoarte. De telwurden binne opspjalt yn beskate en ûnbeskate, en de foarnamwurden hawwe meiinoar fiif haadstikjes taparte krigen. De folchoarder fan 'e 12 haadstikjes is opfallend: it begjint mei de eigenskipswurden, dan komme de bywurden, de lidwurden, de telwurden, de foarnamwurden en de haadwurden, en de rige wurdt ôfsletten mei de tiidwurden. Ik moat earlik tajaan dat ik sa'n yndieling noch nea tsjinkaam bin. Mar foardat de rju achtenearre histoarys fan 'e taalkunde har man-

en froumachich smite op 'e frage, hokker yntrigearjende grammatikale tradysje oft hjir no wer efter stiket, soe ik dochs suggerearje wolle dat it neat oars west hat as it alfabet dat de folge stjoerd hat. Hoekema brûkt nammentlik de Latynske terminology, en dan docht bliken dat alles kreas teplak falt. Myn ûnderstelling wurdt stippe doch de behanneling fan 'e oanwizende foarnamwurden, dy't ek kreas mei *beide* begjint en mei *selde* ophâldt. Nammers, de alfabetyske folge fine wy ek werom by de ûnbeskate telwurden. It abie is sels sa strang oanholden, dat it de folge fan 'e sis paragrafen fan it haadstik oer it tidwurd beskaat liket te hawwen: *Imperativ, Infinitiv, Konjunktiv, n-Form, Partizipien en Tempusformen und Flexion*.

De telwurden bringe my op eat, dêr't Hoekema net it patint op hat, mar dat ik likegod nea rjocht begrepen haw. Men soe der ommers fan útgean meie dat in foarmleare sljochtwei ta taak hat om it bûgingssysteem fan in taal te beskriuwen. Mar it yn 'e reden lizzende útgongspunt om de wurdsoarten dan as yndielingsgrûnslach fan 'e behanneling te nimmen, hat der sa 't it skynt ta laat dat alle wurdsoarten dan op it aljemint komme moatte, ek al is der mei de bûging amper wat of sels hielendal neat te rêden. Hoekema hat him oan dy tradysje ek net hielendal ûntwrakselje kind, bygelyks yn syn haadstikken oer de ûnbeskate telwurden en pronomina. Dy wurde stik foar stik behannele, mar it is dêr benammen de syntaktyske en semantyske ynformaasje dy't foar master opslacht. Wat moatte jo bygelyks yn in foarmleare oan mei it oars tige nijsgjirrige Fryske wurdsepear *guon/guodden*? Dat giet yn paragraaf 7 sa:

*guod(den), guods* subst. 'einige'; *guon* adj. und subst. 'einige'.

Hjir sit net folle bûgingsbyt oan; it iennichste dat sa'n paragraaf jout, binne aldersummierste ynljochttings oer wurdsoarte en betsjutting. Mar sokke ynformaasje is fansels suver leksikaal, en heart dan ek typysk yn in wurdboek thús. Men soe dan ek ferwachtsje, dat Hoekema yn syn oarspronklike Deenske útjefte handich gebrûk makke hie fan 'e omstannichheid dat er njonken syn grammatikale part ek in wurdboek ta syn foldwaan hie om syn aaien kwyf te reitsjen. It is dan ek wat nuver om by de wurdboekyngongen fan respektyflik *guodden*, *guods* en *guon* hyltiten de oersetting 'nogle' tsjin te kommen, mei dêrefter: "s. gram. V7". At de brûker dy rie opfolget, dan wurdt er inkeld de ynformaasje oer de wurdsoarten riker.

Oan 'e oare kant ferwiist de Deenske útjefte foar *guon* ûnderwerpen nei it wurdboek, dy't wer typysk thúsheare yn in foarmleare. Te neamen is de ûnregelmjittige graadbûging fan *folle* (*mear*; *meast*) en *graach* of *jerne* (*leaver*; *leafst*). Fia it Deensk komme jo net te witten dat bygelyks *\*foller* of *\*graachst* net kinne. Noch opfallender leit it der hinne by de meartalsfoarming. Dy wurdt

yn it Deenske wurdboek by elts haadwurd apart oanjûn, en Hoekema docht yn 'e Deenske tekst neat oars as nei syn wurdboek ferwize. Mei rjocht en reden hat de Dútske bewurking oer dat ûnderwerp in aparte paragraaf opnaam. Mar konsekwint hawwe Hoekema & Riecken yn dy polityk spitigernôch net west. Sa wurdt ek yn it Dútsk foar de foarm fan it ôfslútend mulwurd nei "den Wörterbüchern" ferwiisd. Hokker oft de brûkers dan rieplachtsje moatte, wurdt der net by sein, wat oars wol handich west hie, want net alle wurdboeken jouwe de mulwurdsfoarm.

Ofsjoen fan 'e ferwizings nei it wurdboek ferskille de Deenske en de Dútske tekst ek, omt der yn 'e lêste korreksjes en oanfollings opnaam binne. Dy feroarings lykje my oer it ginneraal yndied ferbetterings ta. In fraachteken kin men sette by de meartals- en ferlytsingsútgongen fan 'e telwurden (bygelyks *fiiven*; *fyfke*), dy't it Dútsk apart behannelet. It Deensk beskriuwt de stân fan saken grif ginneralisearjender troch ienfâldichwei nei de substantiven, dat de telwurden yn dit gefal ek binne, te ferwizen.

Nettsjinsteande de ferbetterings bliuwe der wat my oanbelanget noch wol winsken oer. It maklikst soe men fansels seure kinne oer dingen dy't der net yn steane, mar dat liket my by in tekst fan mar 30 siden wol wat al te goedkeap. Dochs soe it foar de folsleinens net al te folle romte kostje om by de wjersidige foarnamwurden njonken de foarms *elkoar* en *inoar* ek de fariant *mankoar* op te nimmen. En miskien soe by de rangtelwurden *fyfte*, *sech(s)te*, *alfte* en *tolfte* ek opnaam wurde kinne dat de mear algemiene foarm mei in *d* ek tastien is. Karakteristyk, en ek net foar te kommen, is ek altyd de ymplisiten fan soksoarte boekjes. Gâns ynformaasje is weistoppe yn oersettings, bygelyks de betsjutting fan 'e freegjende foarnamwurden, en guon dingen komme jo allinne mar oan 'e weet troch de foarbyldsinnen. It ferfelende dêrfan is, dat se inkeld mar positive ynformaasje jouwe. Soms is it hielendal net sa'n grutte toer om de beheining der yn 'e tekst by te setten, bygelyks dat de kombinaasje *wat in* plus in haadwurd allinne mar wat ûnbidichs oantsjut at er yn útroppende sinnen stiet. En wannear mei der no krekt in *e* efter de útgong *-end* c.q. *d* fan it fuortsettend mulwurd?

Folle binne it net, mar der steane ek in pear dingen yn it boekje, dy't neffens my ienfâldichwei net doge. Sa wurdt útholden dat de ôflieding mei de suffiksen *-jes*, *-sjes*, *-tsjes* en *-kes* by bywurden produktyf wêze soe. Mar dat kin op 'en heechst fan 'e earste trije foarms sein wurde; in wurd as bygelyks *\*moaikes* liket útsletten (mei tank oan Jarich Hoekstra foar it ynsjen fan in laadstik út 1987). Fierders wurdt by de freegjende foarnamwurden suggerearre dat sokken as *hokfoar*, *watfoar* en *watfoar ien* ek brûkt wurde kinne om in yndividu der út te pikken, wylst se allinne mar freegje kinne nei in kwaliteit of in soarte. At ik immen freegje *watfoar famkes bisto sljocht op?*, dan is it net myn ferwachting dat de beantwurder de nammen trochjout fan Sytske en Wytse, mar

dat er sok *sawat* sizze sil as "leave famkes" of "famkes mei frissels yn it hier". En om by de freegjende foarnamwurden te bliuwen, *wa* en *wat* soene net foaroppleastwurde meie at se troch in ferhâldingswurd regearre wurde. *Wat* hat yndied de eigenskip om yn sokke konstruksjes yn *wêr* te feroarjen (*Wêr!? \*wat hast it oer?*), mar *wa* liket my perfoarst net útsletten: *Wa hast it oer? Wa rekkenst op?* Sjoch oer dizze kwestje ek Hoekstra (1991).

It meast aparte oan Hoekema syn foarmleare is wol de behanneling fan 'e eigenskipswurden en de tiidwurden. Ornaris wurdt yn oare grammatika's altyd útgong fan it begryp *stam*, en wurde dêr allegearre útgongen oan plakt. Hoekema bekroadet him om dat stambegryp net bot; der kinne ek tuskenstadia yn in ôflieding opnaam wurde. Sa wurdt de komparatyf net foarme troch *-er* efter de *stam* te plakken, mar troch in *-r* efter de bûgde foarm mei *-e* te setten. Sa komme jo ek út by it goede risseltaat; mar it giet fansels wol by Dokkum om, en it smyt ek ynkonsekwentichheden op, want de superlatyf wurdt wol streekkrjocht foarme troch op 'e bewende wize de útgong *-st* efter de *stam* te setten. Sterker noch, foar de komparatyf fan 'e adverbial docht Hoekema ek wer gewoan in berop op 'e posityf plus in taheaksel *-er*. Dat koe fansels ek net oars, om't bywurden wurde net bûgd. De ynkonsekwinsje giet sels sa fier, dat foar de komparatyf by eigenskipswurden dy't einige op in *r*, Hoekema wer weromfalt op 'e grûnfoarm fan it wurd. *Djoerder* wurdt dus fan *djoer* ôflaat mei in efterheaksel *-der*. Folle ynsichtliker hie fansels west om mei Tiersma (1985, 36) in algemien komparatyfsuffiks *-er* te postulearjen, en om yn 'e rige *-r\_er* in fonologyske *d*-ynfoegingsregel oan te nimmen. In oare rariëheid fan Hoekema syn prosedueres is, dat er it tuskenstadium *-e-* oannimme moat yn omkriten dêr't dy útgong him normaalwei nea oppenearret, bygelyks *in grutter skiep* vs. *\*in grutte skiep*. Boppedat kin dy *-e*-útgong noch wer ferskine *neidat* er earst holpen hat om de komparatyf te foarmjen, bygelyks yn *dat gruttere skiep*. Inselde suffiks wurdt sa twaris brûkt, en ik freegje my ôf oft dat sels prinsypjeel wol kin.

By de tiidwurden wurdt de ôflieding noch kompleksere. De tradysje ûnderskiedt dêr twa swakke klassen, dy mei in ynfinityf op *-e* en dy mei ien op *-je*. Hoekema hâldt dat ûnderskied fansels ek wol oan, mar nimt as útgangspunt net de ynfinityfútgong, mar de mulwurdsútgong, respektyflik *-d/-t* en *-e*. Om te witten te kommen om hokker tiidwurden oft it giet, wurdt wer nei de wurdboeken ferwiisd. Wêrom oft it sa omslachtich moat, en wêrom oft net gebrûk makke wurde kin fan 'e ynfinityffoarm, dy't no ienris foar it wurdboeklemma sels ek brûkt wurdt, wurdt net dúdlik makke. Miskien hat Hoekema yndertiid benaud west foar betizing by tiidwurden fan klasse I dy't yn 'e stavering op *-je* einigen (*bloeije*, ensfh.), mar sûnt 1980 is dat gjin probleem mear, tinkt my.

De ôflieding by de earste klasse giet dan fierder sa. De earste persoan

inkeldtal notiid wurdt foarme troch de *-d/-t* fan it mulwurd ôf te heljen. De doetiidsfoarm dêrfan wurdt dêrfoaroer wer makke troch in *e* efter de mulwurdsútgong te setten. Dy foarm fan 'e earste persoanen is wer útgongspunt foar de meartalsfoarms doetiid, troch der in *-n* efter te plakken, en fan de tredde persoan notiid, dêr't der in *t* efter komt. Hoe't we ûnderwilens de ynfinityffoarm ôfliede moatte, wurde wy út 'e tekst net gewaar, wol dat dy op in pear útsûnderingen nei op in *-e* einiget. Dat wurdt wer brûkt om de nominale ynfinityf (troch Hoekema neutraal oantsjuten as "die *n*-Form") ôf te lieden, nammentlik troch dêr in *n* efter te setten. Plakke jo der dêrfoaroer *-nd* efter, dan krije jo it fuortsettend mulwurd.

Kinne jo it noch neikomme? Net dat ik der ferstân fan haw, mar my liket dit didaktysk in monstrem ta. Aldergeloks wurde der ek noch in pear skema's by jûn, dêr't alle foarms teminsten kreas yn 'e goede hokjes te plak komme.

Dit besprek driget sa njonkenlytsen wol tige de negative kant út te gean, mar sa woe ik dochs net einigje. Want yn it koarte bestek fan dit boekje kriget de brûker wis wol in skat oan ynformaasje, en wier net safolle minder as by de konkurrinten dy't folle mear tekst fanneden binne. As neislachwurk kin it dêrom, mei troch in pear handige skema's, grif fertuten dwaan. Oard, it perspektyf is suver syngroan, yn tsjinstelling ta de oare Fryske grammatika's, en soks is wol ris ferfrissend. In moai foarbyld fine wy by de eigenskipswurden. Hoekema giet dêr ek wer domwei út fan 'e uterlike foarm, en set ûnder it kopke "die *en*-Form" fenomenen lykas ûndersteande byinoar, sûnder him om 'e etymology te bekroadzjen:

- Dy man moats't mei oppasse: dat is in *minnen*
- Dy djoerderen kinst' wol hâlde
- Ik hie in alderheisliksten pine

Ik soe der dêrom net raar fan opsjen at nochris fêststeld wurde soe, dat binnen de tradysje fan Fryske grammatika's Hoekema syn foarmleare it meast in slinger fan it strukturalisme meikrigen hat. Krekt omdat it oars as oars tsjin 'e dingen oansjocht, hat it rjocht op in eigen plakje yn 'e skiednis, en is it goed dat Riecken der mei syn oersetting nochris it omtinken foar frege hat.

## Bibliografy

Hoekstra, J. (1987), 'De haadsaken fan ferlytsing'. Ms. Fryske Akademy.

Hoekstra, J. (1991), 'Preposition stranding and resumptivity in West Germanic'. Ms. Fryske Akademy [Sil ferskine yn 'e bondel fan 'e "7th Workshop on Comparative Germanic Syntax", Stuttgart 1991].

Tiersma, P.M. (1985), *Frisian Reference Grammar*. Dordrecht, Foris.